

## Foarwurd

35 jier Nijiersrevu de Jouwer. Oan sa'n jubileum mei je net foarbij gean.

Dit jier sille der gjin útfieringen fan de Nijiersrevu plakhawwe. De 35e Nijiersrevu skoot in jier op en sil yn 2022 plakfine. Je sit dan te tinken oan in alternatyf. Je wolle de nijiersrevu libjend hâlde en it trouwe publyk dochs wat biede.

As je dan yn de ploech opperje om in alternatyf te betinken, is der altyd wol ien yn sa'n kreative ploech dy in goed idee hat. Dizze krante dus. En dan gean wij mei in groepke oan de slach om dit te realisearjen. Sa wurket dat yn de revuploech.

Yn dizze krante sjogge wij yn fragminten werom yn de 35 jier. In opsomming fan it gehiel soe wat tefolle wurde. Je kinne der wol in boek oer skriuwe. Dat skynt yn de moade te wêzen. Yn elk praatprogramma op 'e telefyzje sjoch je tsjintwurdich hast elke dei wol ien dy't wêr in boek skreaun hat. De earste oanset jouwe wij hjir mei it ûntstean fan de Nijiersrevu de Jouwer.

Fierder leverje dielnimmers en ek eardere dielnimmers fan de nijiersrevu harren bydrage mei foto's of it beskriuwen fan harren ûnderfiningen.

Om yn de revusfear te bliuwen, oerjitte wij it gehiel mei in humoristysk revusauske.

Wat dy humor oanlanget heare wij de lêste jierren faak dat it wol skerper kin. Maklik sein. Wij libje tsjintwurdich yn in wrâld wêr de humor troch in fergrutglês kritysk besjûn wurdt. Ek yn de revuploech fine der diskusjes plak oer wat wol/net kin.

Wij ha as útgongspunt dat wij minsken of groepen net misledigje of de grûn yn boarje wolle. Wij probearre de humoristyske kant fan saken of sitewaasjes sjen te litten. Net mear as dat.


Ik wol elkenien dy't in bydrage levere hat tige tanke foar harren meiwurking. Derneist ek tank oan de stipers dy't troch harren finansjele bydrage dit krantsje mei mooglik makke ha. Grutte tank oan de redaksje fan Jouregio en dan mei namme Gerard ten Boom foar de tige noflike gearwurking.

As lêste soe ik sizze: genietsje fan dit krantsje. Oant sjen bij de 35e Nijiersrevu yn 2022.

Durk Brouwer, foarsitter fan De Stichting Nijiersrevu de Jouwer



## Na een mooie tijd, naai ik eruit



**Ik ha de mooiste oantinkens oan it sketske wat Aukje Steeman skrean hat. It stikje dat ik op de tolhúsbrêge sit te fiskjen en dat Appie de Vries dan by my sitten komt mei in angel en sjocht dat ik in soad fisk fang. Maaar hy is in hollander!!! Dus toen moest ik hollands praten, nou dat naaide der uit hoor.**

De vraag was of wij wat voor de krant wilden maken en toen dacht ik, ik doe het in dezelfde trant als dat stukje.

In het jaar 2000 was mijn eerste optreden bij de revu. Ik mocht toen wel één zin zeggen, daar was ik niet zo blij mee. Je hebt dan haast niks te doen en daar kon ik niet zo goed over. Ik mocht in alle gevallen wel mee zingen in de groep. Ik was toen zo goed als brood, ik dacht als ik der wat van zeg smijt het toch niks op. Bij de auditie moest ik ook een versje zingen. Nou zeiden ze dat lijkt wel op vliegen. In de loop van de jaren mocht ik meer toneelspelen dan zingen, dat ging mij ruigweg wel

goed af. Leon zei laatst noch wel, Doet met het zingen heb je aardig bijgeleerd, ja ik ga het zingen niet helemaal uit de weg hoor. Als we dan pauze hebben geef ik mij neer met een bakje koffie dat is altijd wel lekker nou. Nu hebben we regie van Anneke v.d. Akker. Zo die kan der ook wat van, die heeft de wind er wel onder. Thea en ik repeteerden een schets van Bed en Brochje. Nou als we klaar waren was ik zuiver achter de poest. Ja zei Thea, ik heb het eind ook in bek.

Als we klaar zijn met de repetitie gaan we vaak naar de Pub of het Hert. We moesten wel vaak door weer en wind. Het was meestal roetkoud buiten en waren we aan de bonken toe koud. Het ging er soms mal aan toe en waren we helemaal uit de schroeven. Als het gezellig is schijnt de klok uren maar ik vind dat niet zo slim want meestal hoef ik niet vroeg van bed en daar mag ik wel over.

Dit zou de 35ste revu worden maar dat wordt um niet van het jaar. Dan maar in 2022. Dan is die revu voor mij de laatste keer dat ik mee doe, dan naai ik eruit. Nou hebben we de hoogte zei Sjoerd, is het je in je bol geslagen? Wel nee zeg ik, ik heb me goed 20 jaar tot de tenen uit vermaakt. We hebben veel mooie dingen gedaan, vaak met een lach soms met een traan. Met veel afgewaaid praat ging het er soms need aan toe. Zo, nou hou ik op. Ik mag het zo wel lijden. Tot volgend jaar en dan naai ik eruit!!!!

Groet van Doet.

## In stik bûter yn'e brij



**Wa bin ik: Ik bin Anneke van den Akker-Duhoux en regisseurje sûnt 2018 de nijjiersrevu op 'e Jouwer. Ik bin berne yn Wurdum. Ik bin troud, ha trije bern en twa beppesizzers. Ik wurkje as IC-ferpleechkundige yn it MCL. Fierder hâld ik fan lange-ôfstânskuiers, hurd- en waadrinnen, swimmen, yn 'e tún wurkje, tefolle om op te neamen. Ik bin graach yn 'e natuer. Ek mei ik sels hiel graach toanielspylje. Binnendoar hâld ik fan lêze, nifelje, lekker iten siede.**

Sa as ik al sei sûnt 2018 regisseurje ik de Nijjiersrevu fan de Jouwer. Dat doch ik mei in soad wille!! Revu/musical hat mij altyd al oansprutsen, je kinne der in hiel soad yn kwyt, fan kabaret oant klucht, fan serieus oant licht. Fan laits oan in trien, fan alles wat. En sa as Durk altyd seit

“as eat net ferfeelt duorret it nea lang”. Ik moat sizze, it wie foar mij ek wol tige spannend, want ik hie noch nea earder in revu regisseurje. Wol oare dingen mar gjin revu. Mar ik ha altyd wol nocht oan nei it sjen fan revu's en musicals. Ik bin grut brocht yn it kafee yn Wurdum en toanieljûnen en al sa mear is der bij mij fan jongs of oan mei de brijleppel yngetten. As famke folge ik mei niget de kapper út de Skrâns fan Ljouwert, dy't ek grimeur wie bij 't toaniel, hoe as hij de spilers omtsjoene nei harren rolfiguer, de typyske geur dy't op it toaniel hong en ik opsnúfde is in geur dêr 't ik fan hâlden gongen bin.

### Hoe kaam ik bij de Nijjiersrevu?

It wie op in winerige maitiidsdei yn april 2018. Ik wie te rinnen mei myn skoansuske. We rûnen bij Jirnsum. Om krekt te wêzen, bij

Ald Skou. Dêr gong myn mobyl ôf. In Brouwer út de Jouwer skille mij mei de fraach as ik de nijjiersrevu ek regisseurje koe op 'e Jouwer. Ik sei dat ik der oer nei tinke moast. In wike letter siet ik foar de sollicitaasjekommisje en wer in wike dêrnei, wie it rûn. Op dat stuit stie ik bij myn sike mem yn 'e slipekamer, dêr kriich ik it telefoantsje dat de Jouwer wol mei mij yn see woe. Ik fûn it moai en fielde it ek wol as in ear dat ik de nijjiersploech op 'e Jouwer begeliede mocht. Ek wie it in stik bûter yn 'e brij foar myn mem, se wie tige siik, mar te hearren dat ik regisseurjen gong op it plak wer 't sij sokke moaie dûnsjûnen belibbe hie yn har libben joech in glinstering yn har eagen. Wat die mij dat goed. De Jouwer en omkriten is it gea wer 't myn mem en har âlden wei komme en dat is no krekt ek de kant fan de famylje dat in soad oan toaniel die. Myn pake, mem, ik sels en myn soan, we hâlde/holden allegearre sa fan toanielspyljen en myn soan hat er sels syn berop fan makke. It wie dus in tige goed gefoel dat dit barren gong.

Mar it gefoel waard noch folle better. Want ien kear los op 'e Jouwer wie elke kear wer op 'e nij in feestje. Mei sa'n entûsiaste groep minsken te wurkjen is fantastysk. De ôfwikseling tusken muzyk- en toanielrepetysjes fûn ik fuort en noch altyd tige ynspirearjend. Mei in betûfte muzikant as Leon, in kreative klaaister as Jolanda, in fakkundige bouploech en in ploech mei de meast útinoar rinnende spilers kin je elk jier in prachtige

revu op de planken sette. Wat is it moai wurk in revu te meitsjen mei sa 'n groep moaie minsken om je hinne. It is net altyd maklik om minsken fuortendaliks goed te trochgrûnjen, mar it is my yn dat earste jier aardich slagge bij de jouter revuploech. En ik moat sizze ik bin fan haaren allegearre hâlden gien. En as ik aansens it beslút nimme moat om bij de Jouwer te stopjen sil dat mei in trien gean.

Dit jier giet de revu spitigernôch net troch, wij wiene wol fol goede moed begûn mei repetearen, mar helaas de parsekonferinsje fan 3 novimber jl. die foar ús ek de doar ticht. We hiene al wer moaie hjerstjûnen folle mei sjongen en spyljen. Al gong it gefoel wol alle kanten op, we setten troch. En dat skaaimerke dizze ploech och sa, se litte it der net gau bij sitte. De Jouwer kin grutsk wêze op harren Jouter Revu ploech en dan bedoel ik GRUTSK op alle meiwurkers. De revu stiet no yn 'e wacht, mar wij hoopje jimme yn 2022 hjirmei wol te ferassen. Foar dit jier in goed 2021 en bliuw sún. Tsjoch.

Scan de QR-code om de betrokken regisseur aan het werk te zien



## Stil yn it Haske...

Gjin ferskes en gjin sketsen,  
gjin prûken, moaie klean.  
We sille kommand jier net  
spyljend op 'e planken stean.

Gjin minsken yn it Haske,  
gjin kofje, tee en wyn.  
Tradysjes ûnderbrutsen,  
dus wy ha de smoar yn.

Gjin ljochten en gjin klanken,  
de muzikanten thús,  
gjin lotsjes en net dûnsje,  
we geane net fan hûs.

Net gnyskje en net laitsje,  
net rabje yn it skoft.  
Net mei de stuollen skowe,  
net nei in plakje socht.

Gjin praatsjes mear nei ôfrin:  
'hoe haw jimme it fûn?'  
'Wer sitte jimme einliks,  
wat wie it prachtich jûn!'

Gjin senuwen, gjin bangens,  
gjin entûsjast publyk  
...en yn de kranten stean gjin  
komplimenten en krytyk...

Harmen Houtman

## In famyljebarren

*By ús yn de famylje hawwe wij in slogan: alwer in Rypkema. En dy is ûntstien nei de twadde nijjiersrevu. Dêryn siet in stikje mei dy titel. Allegearre steltsjes efter in bernewein dy't Jouster efternammen opnommen yn alfabetyske folchoarder. En no wurdt by in berte, in streek of in grap yn ús famylje steefêst dy útdrukking brûkt. Troch de jierren hinne hawwe der 8 Rijkkema's oan de revu meidien. Sa ek ús 3 bern.*



se noch. Sy spile de reade tried. In frjend minske mei moai lang hier, in artistike opmakke bril en yn skoandere aparte klean prate sy de ferskes en stikjes oan elkoar. En it stikje dat him ôfspile yn it urinoir en wêr 3 manlju stean te pisjen, te praten en ien wol in sjekje draaie.

Trije generaasjes hawwe de nedige tiid bestege oan de revu. Elts wol yn in oare rol, sa as ynstekster, spiler, spylster, dekôrbouwer en toanielfeint, mar dochts. Pake, beppe, heit, mem en dy harren dochter en soannen. Yn in trijetal revu's ek noch tagelyk. En dat is wol bysûnder.

Alle revuploegen wiene en binne stik foar stik famyljes. Yntinsyf binne se in oantal moannen drok mei elkoar oan it oefenjen. En dêr hearre triennen fan it laitsjen en gûlen by. Moaie tiden belibje mei in soad drokte, tiid, spanning en wille. En dan wurdt der mei faasje in moai einresultaat delsetten. En dat al 34 jier. Jammer dat it 35ste jier troch it Coronafirus ferskood wurde moat. Mar dat oerlibbet de revu wol. Op nei in nij jier!

*Mei freonlike groetnis,  
Rixt Rijkkema-Fokkens.*

## Untstean fan De Nijjiersrevu de Jouwer



**Se wennen no al in jier as fyftjin op 'e Jouwer. De Bergsma's wiene altiten warber mei toaniel en stiene oan de widze fan toanielploech Tryater. Der is yn 1993 sels in Fedde&Martha Bergsma Priis ynsteld, dy 't ien kear yn de fiif jier takend wurdt oan de skriuwer fan de bêste, oarspronklik Fryske toanieltekst fan dy perioade. Fedde skreau ek koloms yn de Jouster Krante en ik ha begrepen dat hij gjin blêd foar de mûle naam.**

De earste gearkomst mei alle meiwurkers fan de nijjiersrevu fûn plak yn de biblioteek. Fedde Bergsma presintearre syn teksten. Elkenien koe der wat oer sizze. Je kinne je foarstelle dat dit net in noflikke jûn foar Fedde wie. It folgjende jier waard der dêrom in P(roduksje)-ploech ynsteld, wêr fan elke ôfdieling in fertsjintwurdiger yn siet. Neist Fedde Bergsma kaam der ek in skriuwersploech.

De repetysjes fûnen meastentiids op sneontemoarn plak yn de Lyts Luchtenveld Skoalle of in sealtsje bij de ULO oan de Hurd-draversdyk. Ek bij Aukje thús op Midstjitte 99 fûnen repetysjes plak, spesjaal foar de sang en koreografy.

Om der in jûnsfolgjend programma fan te meitsjen en wierskynlik om publyk te lûken, fûn der tuskentoch ek in soarte fan ferkiezing fan sportman, sportfrou of sportploech plak. Derneist wiene der demonstraasjes fan gymnastyk ferieningen (CSC, VKH).

Dat Fedde Bergsma in betûft skriuwer wie, docht wol bliken. Aukje Steeman hold as in bepaald typke yn ien fan de lêste sketskes in konferense. Dit hat se 16 jier folholden. Dizze kear gie it oer it nij oerdekt subtropysk swimbad: "Mat yn it bubbelbad". Op in dei waard Aukje skille troch Teake van der Meer (jawijs, Lytse

Teake fan'e Westereen). Hij hie wol ynteresse foar dy konferense. Aukje hat him ferwize nei Fedde, want dy hie it skreaun. Dizze hat de tekst oan Teake ferkocht. Aukje wit dat, omdat sij yn in platesaak wurke en in CD fan Teake seach, wêr 't dy konferense letterlik op stie.

Dat yn it begjin earmoede troef wie, blykt út it folgjende. De Krite hie foar it blomke nei ôfrin in partij Kaapske fioeltsjes op 'e kop tikke. Se hiene dizze bûten stean en harren net realisearre dat it rûn dy tiid wol ris frieze koe. Mei as gefolch dat elkenien in fertutearze blomke kriich. Sjouke Kuindersma (fan de Romantyske Merken) fûn dit sa sneu dat hij der foar soarge dat elkenien de lêste jûn in moaie bosk blommen kriich.


De earste Nijjiersrevu op 'e Jouwer yn 1987 wie in feit.

Durk Brouwer

# 34 revu's op in rige



- 2020 - Grut, grutter, grutsk
  - Anneke v/d Akker
  - Leon Smits
- 2019 - Hulten en Bulten
  - Anneke v/d Akker
  - Leon Smits
- 2018 - Wy dogge noch in rûntsje
  - Aukje Steeman
  - Leon Smits
- 2017 - Fjoer en Flam
  - Aukje Steeman
  - Leon Smits
- 2016 - Út en Thús
  - Aukje Steeman
  - Leon Smits
- 2015 - In Wiete Boel
  - Aukje Steeman
  - Leon Smits
- 2014 - Frjemde Fûgels
  - Aukje Steeman
  - Leon Smits
- 2013 - Krisis
  - Rienke de Haan
  - Atsje Lettinga
- 2012 - Hichtepunt
  - Rienke de Haan
  - Atsje Lettinga
- 2011 - 80.000 Kopkes kofje
  - Herman Emmelkamp
  - Durk Brouwer
- 2010 - De Beam
  - Herman Emmelkamp
  - Durk Brouwer
- 2009 - Kommunikaajse
  - Piet Zeilstra
  - Leon Smits
- 2008 - Heechste tiid (hoareka)
  - Piet Zeilstra
  - Leon Smits
- 2007 - Op 'e strjitte
  - Piet Zeilstra
  - Wim Boersma
- 2006 - Tweintich !
  - Herman Emmelkamp
  - Leon Smits
- 2005 - Lêst
  - Herman Emmelkamp
  - Leon Smits
- 2004 - Famylje
  - Afke Toren
  - Leon Smits
- 2003 - Targets
  - Rienke de Haan
- 2002 - It Doarp
  - Rienke de Haan
  - Aukje Steeman
- 2001 - Nacht
  - Rienke de Haan
  - Aukje Steeman
- 2000 - In reis troch de ieu
  - Rienke de Haan
  - Aukje Steeman
- 1999 - Media
  - Foppe Kielstra
  - Rienke de Haan
  - Lammy Toering
  - Aukje Steeman
- 1998 - Jild, jild en nochris jild
  - Foppe Kielstra
  - Aukje Steeman
- 1997 - Gek
  - Foppe Kielstra
  - Aukje Steeman
- 1996 - 10 Jier (feest)
  - Foppe Kielstra
  - Aukje Steeman
- 1995 - Toeristen
  - Foppe Kielstra
  - Aukje Steeman
- 1994 - Wolwêzen
  - Foppe Kielstra
  - Aukje Steeman
- 1993 - Plysje
  - Foppe Kielstra
  - Aukje Steeman
- 1992 - Toeristen
  - Foppe Kielstra
  - Aukje Steeman
- 1991 - Foppe Kielstra
  - Aukje Steeman
- 1990 - De Tiid
  - Siebren Sigtama
  - Aukje Steeman
- 1989 - Iepenbier ferfier
  - Fedde Bergsma
  - Aukje Steeman
- 1988 - Fedde Bergsma
  - Aukje Steeman
- 1987 - De wyn yn 'e seilen
  - Fedde Bergsma
  - Aukje Steeman



Scan de QR-code voor oude filmpjes uit de Revu



10e Revu 1996

Revu 1997

Revu 1993

Revu 1998

# It sit yn it bloed!



**Yn dizze tiid is der hast allinnich mar praat oer it Corona-firus. Kinne wy it ûnder kontrole krije? Hoe lang noch mei mûlekapkes foar de snút? Wat misse wy de geselligheid, de kroech, út iten en de sosjale kontakten!**

Wat jim net witte is dat der nóch in firus aktyf is op 'e Jouwer. Al jierren! Dat is it revu-firus. Der is hast gjin bestriding mooglik. Jo komme der allinnich fan ôf troch de doar op slot te dwaan op tiisdeitejûn en tongersdeitejûn, want dat binne de rippetysjûnen. Op de bank, ûnder in tek-

kentsje, en betiid op bêd, want de ôfkickferskynsels lige der net om. As jo it revu-firus ien kear ûnder de lea ha, dan is der hast gjin ûntkommen mear oan. Elts jier stekt it wer de kop op.

Der binne minsken dy't allinnich komme te sjen. Der binne minsken dy't drang ha om stikjes en lietsjes te skriuwen. Spikergek wurde se, as de kreativiteit net út de penne floeie kin. Dizze fariant docht 'm foaral yn de maaitiid foar, mar der binne guons by, dy ha it hiele jier lêst fan skriuwkribels.

Der binne minsken dy't op de planken wolle. Dy ha der it slimste lêst fan. Dat kostet in tiid! Jo kinne harren oan it ein fan de simmer sjen. It giet fan ien kear yn de wike nei de rippetysje, nei twa kear yn de wike, der komme sneonen by, der sits els in stúdzjewykein by, en it spul bliuwt mar laaitsjen! Ûnbegryplik swier ferslaafd. Der binne inkelen dy slagget it om yn de peat moannen nei de foarstelling en foar de earste rippetysje ôf te kicken, mei in soad frisse lucht, en in soad terapeutyske gesprekken by simmerske kuierkes. Mar

de measten wurde ûnrestich as de dagen langer wurde, en begjinne te jûkjen en te longerjen nei ferskes en sketskes. It komt ta in hichtepunt yn jannewaris. Dan stiet it klupke op it toaniel en docht harren ding. It aardige is, dat de minsken dy't de mylde fariant ha, allinnich sjen, hjir dan dochts op ôf komme.

Der binne ek minksen, dêr mûterret it firus. Dy begjinne as spiler, begjinne te skriuwen, wurde warber yn de klean, soksawat. Oh en ik ha it noch net iens hân oer de minsken dy't it dekkôr meitjse, no dât is in apart slach! Dy ha meastentiids allinnich lêst op moandei. Dan sykje sy inoar op en dan is it tige gesellich. Der wurdt fan alles knutsele, timmere, ferve, en dan ynienen is it ek wer oer.

It sit yn it bloed, it revu-firus. Der binne by, dy ha it al mear as 25 jier. Der binne ek by, dy krije in skamperke mei, in jier, en dan is it wer fuort. Mar by de measten bliuwt it jûkjen. Gjinn resept foar te krijen. Slim hear.

**.... Is der in dokter yn de seal?....**

*Tea Osinga - van der Zee*

- **Vrouw met blauw oog zoekt schminkster om de schade weg te werken.**
- **Gezocht: Archivaris. Om alle draaiboeken, krantenknipsels, posters en publicaties van 34 revue's te ordenen.**

# Efter de kûlizen

**De nachtmerje fan elke regisseur : fiten úthelje as spilers ûnder elkoar en dan bynammen op de lêste jun...**

Fansels diene wy dit as Nijjiers-revu ek. Ja "diene" want de lêste jierren komt it net mear safolle foar. Mei klem wurd ús ferteld dat dit perfoarst net de bedoeling is, en dat de minsken yn de seal in kaartsje kocht ha om nei in folweardige foarstelling te sjen. En as troch in grap it hiele stik stûket omdat de spilers út de rol binne dan is dat in skande. Mar wy as spilers fine it geweldich om sa kreatyf mooglik in grap te betinken. Fansels helje jo dat net út mei nije spilers want die kinne dêr troch wol nea wêr op it toaniel stean wolle.

Yn myn earste revu (sa'n 27 jier lyn) wie it ek raak. Gosse Rijpkema, Tiemen Krikke en Jan Luitenburg wiene as baby ferklaaid en stiene mei ruften oan yn in loophek. Immen hie betocht om jokpoeier op de lêste jun yn de ruften te dwaan, en de earme jonges ha ôfgrysljke jokte ûnder de útfiering hân. De seal fer-naam wol wat, en laken mei de jokjende jonges mei.

Dyselde revu hie in iepeningsnummer mei plysjes. We stiene yn in lange rige efter it gerdyn. Gosse Rijpkema stie foar my, en flak foardat we op moasten liet hy in grouwe skeet. Hy marsjearre dernei triomfantlik it toaniel op en ik moast der wol efteroan...strak yn it gelid, mei de holle yn de ploai...Wat ha ik letter lake....!! Soks ferjit je nea wer.

Wij ha ek wit hoe faak sterke drank yn plak fan wetter yn de glêzen dien. De obers fan de Bowling holpen mar al te graach mei, en stiene efter de bar mei te gnizen.

Ek Aukje Steeman mei har geweldige konferenses moast der oan leauwe, se naam in flinke slok, sykhelle efkes, en gie troch ! Super !

Ek leuk wie in grap yn de 20ste revu wer ik in stikje skreaun hie oer in frou die 20 taskes hie en net wist hokker se meinimme soe nei in feestje. De frou mocht ik spylje.

De kapstôk kaam op, en yn pleats fan 20 hongen der wol 40 taskes oan ( mei tank oan de samling fan ûnder oare Corine Kuindersma) Jo bin dan efkes fan it sintrum, mar geane troch.

In oare kear moast ik sabeare út de Jouster krante lêze. Ik sloech him iepen en yn stee fan de gewoane artikels hiene de smearlappen der allegearre naaktfoto's fan moaie manlju ynplakt ! Ik wit noch dat ik efkes stil wie en doe tocht, blinder sa'n Jouster krante wol ik elke wike wol....en glimke efkes. De ploech stie te laitsjen efter it gerdyn.

Fansels moat ik ek noch fertelle fan in skets mei in auto, wêr de bestjoerder op it parkearplak "De Lanen" bij de Tsjûkemar belâne, wêr op de lêste jûn Appie de Vries as homo mei rôze trui ferklaaid ûnferwachts by yn de auto sprong, hilarysk !

# Moeder, ik wil bij de revu!



**Elk jaar zat ik in de zaal, en nu mocht ik gewoon meedoen!**

Ik vond de revu van vorig jaar zo leuk! Samen met Thialda mocht ik meedoen aan de revu. (Yess!) We mochten met een aantal stukjes meedoen en ook een paar liedjes meezingen. We hadden allebei een leuk jurkje aan. We moesten best vaak mee repeteren,

wat heel leuk en gezellig was.

Ik had echt super veel zin in de voorstellingen. Jammer genoeg kon ik er zaterdag middags niet bij zijn, omdat ik een danswedstrijd had. Na de laatste voorstelling dat ik: 'Dit was echt geweldig! Ik wil echt nog een keer!'

Dusss, als jullie nog iemand nodig hebben..! Wyanne:)

En it stikje wer we as âlde wyfkes mei rollators oan it dûnsje wiene, en ús leave Janke Postma (klaaister) ynienen ek ferklaaid samar mei die. Wat ha wy in wille hân. Net te krap... Ek spontane ûngelokjes barre, en dan moat jo ek troch spylje: In bêd dat samar trochsakket mei de minsken der noch yn, in bank wer samar de poat fan of brekt mei de minsken der op....

En de kear dat we in lietsje oer de waarman Piet songen, en dat der in besiker net goed waar. Hij siet op de earst rij en sakke út de stoel. Johan Platte en ik bin ûnder it liet fan it podium ôfdraaft en ha him fêst-

holden. Undertusken kaam der help en die ha him nei de gong brocht. Johan en ik stapten wer op it podium en koene noch krekt it lêste refrein meisjonge. De seal hie it amper murken. Boppe alles : de show must go on, dochs ?

De krante is te lyts om alle grappen die we úthelle ha hjir te beskriuwen , ik ha in pear neamd.

Fansels hoopje we dat we noch in protte wille ha meie, want ek derfoar bin we by de revu. Wie it mar wer safier.....

*Thea de Lange*

# Reklame leuzen foar de stipers **JOUSTER MERKE 2020**

- 1-Skjin skip meitsje ?.....AT SMA  
 2-Te hoge bomen vangen geen wind meer bij:.....FRIEHOF HOVENIER  
 3-Keep fit by:.....CAMPING KIEVIT  
 4-Eltse baan syn eigen bocht:.....HASKE JOURE  
 5-BERTUS BOSMA: .....de man mei 2 rjochterhânnen  
 6-De olie man heeft hier vast zijn fordje opgedaan: .....FORD JOURE  
 7-Help: deze man is een echte klusser : .....klusservice NIJDAM  
 8-Voor malienkolders, bestek en andere ijzerwaren: .....De ijzeren man  
 9-MUURLING assurantieën : .....voor meer dan het verzekeren van uw muurbloempje  
 10-Voor al uw hout skeletten: .....VanDenBerg staalbouw  
 11-Een wit voetje halen? .....DOMIEN Silvius schilderwerk  
 12-HUITEMA Bouwadvies: .....Advies fan gatsje oant nippeltsje  
 13-Uw kantoor om door een ringetje te halen:.....RIENK  
 14-De SIMMERWILLE: .....Jo fare der wol by!  
 15-Wurd it jo swart foar de eagen?.....Schildersbedrijf MEESTER  
 16-Kill Kennie het beste drinken bij de Ierse PUB: .....TIGH BARRA  
 17-Wy krie it altyd run: .....VAN DER WIEL  
 18-Leg de juiste verbanden met: .....WIERSMA BANDEN  
 19-Van AC nei BE:.....Vander Wal en Bergsma  
 20-Foar al jo bokkepoatsjes, keallepoaten, en oar fuottewurk:.....BREIMERS Bakkerij  
 21-FLYER PRINT: .....Om de druk der ôf te heljen  
 22-JACOB ten HOEVE: .....waar we niet tijdloos HOEVEN te zijn  
 23-Wa wol no net in prinseske weze?.....KARINS BEAUTIFULL clothes  
 24-Bist no helemaal bestikkert?.....DOX  
 25-Foar Jan mei de pet, en oare lju:.....TERRA 1888  
 26-Wolle jo jo frou oan de ketting ha? .....ARIE DE KONING  
 27-Voor alle bellefleuren met pit: .....REBELLEBloemstyling  
 28-Wolle jo ek wol ris de Broek út ?.....DE BROEK, BOTEN  
 29-Voor uw happie en uw sappie, ga naar Appie: .....A.H Joure  
 30-It giet jo foar de wyn as jo keapje by:.....WIJNKOPERIJ Joure  
 31-Baby-vel wil iedereen wel:.....HUIDVERZORGING Janetta  
 32-Foar moai guod en oare ferdiveedaasje, gean nei:.....ENTOERAASJE  
 33-AAP NOOT MIES(Knop) en ander leesvoer:.....THE READSHOP  
 34-Die stean der gekleurd op!.....BRUINSMA ColoursHome  
 35-Foar zingende zagen en oar boartersguod:.....BRATTINGA IJZERWAREN  
 36-Nat, uur, voed, ING. Natuurlijk! en dan alles samen:.....NATUURLIJK, natuurvoeding  
 37-Foar jo dagelike shot (sjoekelade): .....BROS  
 38-Ferfred jo net by: .....BISTRO FRED  
 39-Ruzje? Frede's pipen en oare swiethalderkes by:.....J.VAN DELDEN&Zn  
 40-Als er 1 schaap over de dam is: .....DE SCHAOPPEDOBBE  
 41-HALLEMA, .....Foar as jo der sels neat fan bakke  
 42- KAJA'S Kapsalon: .....Net foar allinich ferknipte persoanen  
 43-Wy meitsje gjin foto's mar:.....ZEETSIS  
 44-Bin jo ek sa gek op wyld?.....Café T'HERT  
 45-Om de tried wer op te pakken:.....AJOURE  
 46-Foar al jo lustervinken: .....UW Slager Veldman  
 47-Ek ris oer de grins ite ?.....GASTSTUBE  
 48-HUIDVERZ. ROELINEKE: .....Wa stout is krait lekkers wa leaf is Roelineke  
 49-Foar at jo it thus net mear sjen kinne:.....FILMHUIS JOURE  
 50-Grenzeloos: .....de WERELDWINKEL  
 51-Verhitte discussie?.....DE IJSFABRIEK  
 52-Foar it bern yn jo: .....TOP 1 TOYS  
 53-Foar elts bontsjie in boek: .....AV & S



## Nijjersrevu de Jouwer siket **Skriuwers**

### Funksje-omscriuwning:

Hasto in rappe pinne, in sûn gefoel foar humor, bisto op 'e hichte fan it wol en wee op 'e Jouwer en yn gemeente De Fryske Marren en wolst in bydrage leverje oan de jierlike Nijjersrevu op 'e Jouwer?  
 Ja? Lês dan gau fierder!

Binnen de skriuwersploech fan Revu de Jouwer is plak foar skriuwers (m/f).

### Ynhâld fan de wurksumheden:

- Tegearre mei de oare skriuwers skriuwersgearthkomsten (ûngefear 3 as 4 per jier) bywjenje en aktyf deroan dielnimme;
- Harseskrabje oer it tema fan de Nijjersrevu;
- Lietteksten (mei of sûnder muzyk) en/of teksten foar sketskes skriuwe;
- De ynbrochte teksten fan alle skriuwers kritysk trochnimme en fan kommintaar foarsjen;
- Eigen teksten herskriuwe nei oanlieding fan (opbouwende) krityk;
- De aktualiteit yn en om De Jouwer folgje;
- Aktyf op syk gean nei geniale clous;
- Oare kreative ynhâld foar de revu betinke.

### Wat biede wy dy:

Us doel is om elk jier in Nijjersrevu op 'e planken te bringen, werby ynbring fan al ús meiwurkers tige wichtich is. Do komst te wurkjen yn in entûsjaste ploech minsken mei passy foar de Nijjersrevu.

### Wat freegje wy fan dy:

- Entûsjasme foar Fryske poadiumkeunsten;
- Fleksibele en motivearjende ynset, sûnder dat er in beleaning yn de foarm fan € tsjinoer stiet;
- Behearsking fan de Fryske taal;
- Do kleurest net binnen de linen en bist in bytsje gek yn 'e kop.

### Hast der al sin oan krigen?

Stjoer dan dyn motivaasje nei [info@revudejouwer.nl](mailto:info@revudejouwer.nl).

### Hast fragen oer dizze funksje as oer Nijjersrevu de Jouwer?

Nim dan kontakt op mei Folkeline Papjes, (06) 27 37 63 87. Sjoch ek ris op [www.revudejouwer.nl](http://www.revudejouwer.nl) of op Facebook/Revu-de-Jouwer.



Nijjersrevu  
de Jouwer

**Wa, wa, wa....**  
**betinkt it tema foar de 36e Nijjersrevu?**

Stjoer dyn tema foar 31 jannewaris 2021 nei [info@revudejouwer.nl](mailto:info@revudejouwer.nl).  
 Us saakkundige sjuery sil út alle ynstjoeringen in kar meitsje. De ynstjoerder fan it winnende tema wint in tagongskart foar de 36e Nijjersrevu yn jannewaris 2023!

**Doch mei en win!**

# Oar koart nijs

## Mystearje oer grut tal kapperssaken op 'e Jouwer oplost

Eltsenien hat him wol ris ôffrege wêrom der dochts sa folle kapperssaken op 'e Jouwer binne. In ûndersyksjoernalist fan de Jouster Courant hat no de wierheid boppe wetter krigen: de kapperssaken binne ylligale kroegen. In kapper út de Toerstrjitte nr. 31, dy't anonym bliuwe wol, seit dat dit wier is. Hy foar spelt ek fuortendaliks de hiermoade foar mannen yn 2021: permanintsjes. "Sjoch, mei dy tinne prûkjes hier fan dy manlju bin ik yn in kertierke klear. Mei sa'n permanintsje kinne se wat langer hingjen bliuwe". De "coupe soleil" soe eins ek wol in comeback meitsje kinne (wol earst ôfspraak meitsje, oars is de kuolkast leech).

## Archeolooch ûntdekt "Lege Simmerdyk"

De Hege Simmerdyk is bekend by eltse Jouster. Mar wie der dan ek in "Lege Simmerdyk"? Jawis, docht no bliken. In archeolooch fan de Universiteit fan Harderwyk, dr. Boeie, hat de dyk troch boaiemûndersyk fûn op it plak wêr no de fuotbaljilden fan S.C. Joure lizze. De dyk blykt al yn 1653 ôfgroeven te wêzen omdat de eigenaren fan it stik grûn harren nocht der fan hiene. Boeie: "It lân wie fan de Fraters fan Tilburg. Dy hiene doe fan dy grauwe pijen oan, oer de eagen. De dyk wie sa leech, se seagen dy net lizzen. Se knoffelen dan mei de snút yn de modder. Op dat plak is heul wat ôflok". Gelokkich bart dat op de fuotbaljilden hjoed-de-dei net mear.

## Yn 2021 referindum foar ynwenners Wylde Hoarne

It is sa fier: yn 2021 kinne de ynwenners fan Wylde Hoarne einklike kieze of se by de Jouwer of by Haskerhoarne hearre wolle. It idee foar dit referindum kaam fan FNP-"backbencher" Bolle Boksmas. Boksmas: "De ynwenners kinne no úteinlik kieze wat se wolle: by de Jouwer of it rike doarpslibben fan Haskerhoarne". Dochts is net eltse ynwenner lokkich: guon hiene graach by it Hearrenfean oanslute wollen. De lizzing jout der logyskerwiis genôch oanlieding ta. Boksmas wol der neat fan witte: "Yn it Fean wolle jo dea net fûn wurde".

## Opnij sportprimeur foar de Jouwer in 2021!

Nei it "WK-solexracen" sil de Jouwer kommand jier wer in nije primeur in Nederlân hawwe: it EK mortiersjitte foar froulju. Dizze sport, dy't foaral yn East-Europa en Ruslân tige populêr is, sil holden wurde yn de wyk Súderfjild. Organisator Willy Wonkma leit út: "It giet der om dat in licht-eksplosyf projekt oer in pear hûndert meter op in doel sjitten wurdt. Eartiids wie dat in libjend knyn, no is it in jute sek mei sân. De dielnimster dy't nei trije pogingen it tichtst by is, hat wûn". Op de fraach of dit net gefaarlik is: "Net altyd. Mar foar de wisichheid moat op sneon en snein de hiele wyk evakuearre wurde.

Ek de hûsbisten natuerlik, want dy hurde knallen kinne bisten net oer". Daliks nei it earste fearnsjier fan 2021 sil it ûntrommingsprotokol bekend makke wurde.

## Reklamemêst McDonalds

Der ferskine in soad berjochten yn de krante oer de reklamemêst fan McDonalds. De mêst is no 16 meter. McDonalds wol dizze mêst graach 30 meter heech ha, sadat hij boppe de bulten, dy't ûntstien binne troch de oanlis fan it nije knooppunt de Jouwer, útstekt. Us ferslachjouwer is op ûndersyk útgien wat no de werklike reden is dat de gemeenteried dizze ferheging net wol. Hij is ta de konklúzje kaam dat alle leden fan de gemeenteried hjir op tsjin binne, útsein ien lid. De riedsleden binne nammentlik benaud dat bij in ferheging en dus mear sichtberens fan de mêst der mear leden komme bij de (ham)Burgerpartij fan Gerard ten Boom en dat hij bij de folgjende ferkiezing tefolle stimmen en dus sitten krijt.

## Partycentrum&Zalencentrum 't Haske

Sa as bekend stiet 't Haske te keap. Yn it begjin fan foarich jier hie in keaper sich melden, nammentlik de sinees Bo Ling. Spiti-gernôch hat dizze dochts fan de keap ôfsjoen. Henk van Bruggen is no yn ûnderhanneling mei de gemeente om de bestimming fan it pân te wizigjen. Der sit no yn it bestimmingsplan in hoareka bestimming op. Henk wol dit feroarje yn in religieuze bestimming (tsjerke, moskee of soks). Henk: "Dan bin ik yn elk gefal wis fan genôch besikers". De foarsitter fan de Nijjiersrevu de Jouwer lit no yn him omgean as de revu dan yn it ramt fan oekumenyske tsjinsten útfierd wurde kin.



## Tank oan ús donateurs:

André Boersma  
Wiebren Holtrop  
Akkie Huitema  
Regina Huitema  
Siebe Huitema  
Bertus van der Zijl



Want... neist stipe fan bedriuwen en organisaasjes, hawwe wy ek partikuliere donateurs.

Wolle jo ek donateur wurde? Ynformeer nei de mooglikheden fia [info@revudejouwer.nl](mailto:info@revudejouwer.nl).

**Wy hawwe jo der graach by!**

## No goeie!

**Ik bin Wiebren Holtrop, spiler by Revu de Jouwer. Dêr mei siz ik it al, toanielspieljen doch ik it leafst mar at it sa útkomt sjong ik ek mei en sa ha haw ik ek alris in solo song.**

Neist it spyljen bin ik ek bestjoerslid en besykje ik ek wolris in stikje te skriuwen mar dat falt, foar my, noch net ta.

In oantal jier lien waard ik, by in optreden fan de band wer ús soan yn spilet, yn It Hert frege oft ik gjin nocht hie om mei te dwaan oan de revu. Der wie in nije stichting oprjochte en men socht ek nije spilers. Ik wie wat kritysk om't ik, hikke en tein op e Jouwer, fûn dat de revu net Jousters genôch mear wie. Dat soe just in reden wêze om sels mei te dwaan waard der sein want dan koe ik it sels yn de gaten hâlde.... en sa is it kaam. Ik ha se der altyd fan fertocht dat it einliks net om my gie mar om ús âldste soan my syn maten...., se sochten ek noch minsken foar yn de revuband. Ek dat slachte sadat earst ek ús

âldste soan ek by de revu kaam en letter ek de jongste dy't no noch mei docht.

Ik fyn it geweldich dat der noch in Nijjiersrevu is op e Jouwer en ik tink dat der in moaie ploech stiet dy't der elk jier wer in feestje foar de Jousters fan makket. It kin altyd skerper fansels mar we binne bliid mei ús skriuwers en it falt net ta om in goed stikje of ferske te skriuwen. Bekende Jousters binne der hast net mear en ek de polityk stiet faak fier fan ús ôf mar we dogge stjonkende ús bêst.

It moaiste, foar my, is dat der elk jier wer in nije Revu komt en dat it ek elk jier wer in totaal oare Revu is. As spiler wurde jo elk jier wer útdaget mei nije rollen en wer hiel oare typkes. Om dan in bekende Jouster te spyljen en te besykjen om dy sa del te setten dat der reaksje út de seal komt: dat is .....

Ik bin tige grutsk op ús revu-ploech, net allinne de spilers mar



ek de dekkploeche, de klaaiing, omballingen, grime, it ljocht en lûd en alle oare minsken dy de revu in waarm hert tadrage. Dit jier gjin revu mar yn 2021 gean we der wer foar en fiere we ús jubileum en dernei? Gewoan trochgean!

*Groetnis fan Wiebren*

## Wisten jo dat?

- Regisseur en bekende Fries Steven de Jong begûn is by de Jouster Nijjiersrevu?
- Elkenien meitinke kin oer it tema fan de 36e Nijjiersrevu? Sjoch earne oars yn dizze krante.
- De bêste dûnskes nachts ûntsteane? Sjoch mar by de QR-kode fan "In stik bûter yn'e brij"
- Us griemster Roelinkes elts jier wer ferskriklik genietet fan de gedrevenheid fan de ploech en se bliid is ek diel út te meitsjen fan ús famylje?
- Jolanda, us klaaister, oeral wat moais fan meitsje kin? Blik, flessen, kurk, kranten, jute en gean sa mar troch.
- De klaaisters en schminksters regelmjittich spilers fanôf it toaniel letterlik opfange moatte? Gau de klean fan it liif skuorre en wer wat oars oan. want se moatte wer op
- Der krektlyn in kringloopwinkel yn Grou sletten is, omdat ús klaaiingskommisje de saak leech kocht hat? It wiere ferhaal is krekt eefkes oars, mar sa klinkt ik ek wol moai, dochts?
- Dekôrbouwer Piet de Vreeze fiif jier (fan 1979-1984) skipper wêst hat fan it Jouster Skûtsje.
- Us gitarist Wieger Romkes berne is yn Sint Nyk, in tiid wenne hat yn Jiskenhúzen, maar doe't hij bij de Nijjiersrevu kaam mei gong in wenning op 'e Jouwer kocht hat.
- Henk van Bruggen nei in lyts roltsje yn de ôfrûne nijjiersrevu de smaak te pakken hat. "Oare kear mar wêr" sei hij mei in brede laits nei ôfrin.

# As de Nijiersrevu der net wêst hie Skriuwer



It feit dat de revu net troch giet, sloech yn as in bom bij de band. Fan de pear wykeinen dy't wij per jier blokke mochten (om dochs safolle mooglik op te treden) wie de lêste sneon fan de revu ien fan. Eartiids wiene wij as Straight on Stage sels in tydsje hofleveransier fan de revu. Hjirûnder foelen yn de jierren 2013 oant en mei 2017 de bruorren Jelte en Tjitte Rijkema, de famylje Holtrop mei Jildert, Wiebren en Reitse, Jeffrey van den Berg, lytse Doet (Cornelis Wiersma) en net te ferjitten, natuerlik Reitse-Geert Strien. Fierder wie it foar de oare leden fan de band altyd in genot om de foarstelling te sjen. Sa is natuerlik in lêste foarstelling bij de revu gjin lêste foarstelling sûnder it laitsjen fan ús drummer Harm Backx (ek al wiene bepaalde dingen net grappich). Neist him hoegden we dan net fier te sykjen foar in haai-efin eftige hoannekaam fan Mike Meester en it doffe fûgelnestke fan ús Hielke Bekius. It wie yn dy tiid sels al muoilik te kombinearjen mei it bandlibben mar

we slaggen der dochs elts jier yn (ek al wie dat mei hoarten en stoarten) om mei te dwaan. Nei 2017 hawwe de measten fan ús op sein, omdat we it te drok krigen en yn dy tiid hie Tjitte noch wol in ferfanger foar himsels oandroegen yn de foarm fan Reitse-Geert Strien. Dat is net hiel slim west, want dêrtroch moasten we de lêste twa jier rûn ein fan it jier faak sûnder "Haad roadie" (want sa sjocht der himsels graach)...




Straight on Stage yn de Nijiersrevu fan 2019

Wat wij fan ús tiid bij de revu it meast meinaam ha is miskien wol de wittenskip datst fanút neat in hiele moaie show opsette kinst, de muoite dy 't derfoar nedich is, mar ek de gesellichkeit en it famyljegefoel dat der bij sjen komt. Bij de revu binne we der efterkaam wat de talinten binne en hoe je op in oare manier op it podium de oandacht krije kinne. De show is natuerlik in hiel moai aspekt at je mei dogge mei de revu, mar wij fûnen miskien de entoeraazje der om hinne noch wol it moaist. Aldehoere yn de kûlisen, fantefoaren efkes spylje mei muzikaal lieder (en sjeny) Leon, bierke drinke nei de tiid, efkes sammelje yn de pub/hert of stam plus de jûn dat we de show wer werom sjen koene.

Het moaie oan spylje bij de revu fûnen wij eins dochs wol de artistike frijheid dy't we krigen. Natuerlik wurde in sketch útfiert sa at de regisseur (Aukje, noch altyd favoryt ûnder inkelden fan ús (neat yn it neidiel fan de hjoeddeistige)), mar op ien of oare manier koest der dyn eigen sauske oer hinne

janke en at dat goed útpakte hiest de hiele seal op 'e kop! As dat wat minder útpakte, allinne Harm (ek goed). Natuerlik binne der ek in soort stikjes dy 't ús bij bleaun binne. Sa wurde noch regelmjittich de leuzen "alles?" (al flybkjend en spuiend) en "ik ha in GATTT yn de hân" werhelle. Mar ien stik bliuwt ús it meast bij, want as de Revu fan de Jouwer al in stikje oer dij as band dwaan giet en dan ek noch oant yn detail úttocht en aktearre sa at wij dat op it podium dogge, dan hawwe je it as band op 'e Jouwer wol makke.

Wij hope natuerlik dat de Corona perikels sa rap mooglik oan 'e ein binne, sadat wij wer spylje kinne, mar ek omdat we dan wer op de lêste sneontejûn fan de Revu oanwêzich wêze kinne. Wij hope dat de Revu noch lang troch giet mei ús ynspiraasje jaan en dat de kommende generaasje ús wêr de bûsen útskuorre litte. De Revu hat ús sa folle meijûn. De Revu hat meidroegen oan datjinge wat no "Straight on Stage" is. Wij tinke dat we wol stelle kinne: sûnder Revu wie der gjin Straight on Stage.



Binne jo krekt de nije skriuwer (sekretaris foar alle dúdlikens, want skriuwe foar de revu doar ik net oan), giet de revu net troch. Nee, net om't de ploech net wol, dy wol hiel graach en nee ek net om't der net genôch stikjes binne. Dy binne der bij de rûs. Nee, troch in firus dat jo net iens sjen kinne! Jo soene der mâl fan wurde. Fuort alle wille en entûsjasme? Nee hear, myn start is dan miskien net lykas ik ferwachte hie, mar wat ha ik der sin oan. De revu hat my altyd oansprutsen en no meitsje ik sels diel út fan de ploech dy't alle jierren in fantastyske foarstelling op de planken set. Oké, ik spylje dan wol net mei mar ef-

ter de skermen moat ek hiel wat barre.

Ik bin Jan Brinksma en in soad minsken kinne my wol fan myn wurk, fan Oskar radio en telefyzje of fan Skarsterlannieuws.nl dat letter Marrennijs.nl waard. Ik bin 63 jier en wenje al sûnt 1959 op 'e Jouwer. Neist it nijs bin ik ek in man fan it waar en de natuer. Dat komt fansels moai út want ik mei ek hiel graach kuierje. Net samar efkes in blokje om, mar hiele lange stikken. De Tsjûkemaar om bygelyks. Jawis, dan binne jo in hiele sneon ûnderweis. Mar it binne ek faak koartere kuiers fan tsien, fyftjin of tweintich kilometer. Santjin kear ha ik de Fjouwerdaagse fan Nijmegen rûn. Mar ik ha ek in hiel soad oare tochten, bygelyks de Slachte ensafuorthinne kuiere. Kuierjen is myn grutste hobby.

In pear moanne lyn kaam foarsitter Durk Brouwer by my op it wurk. No docht hy dat wolris faker om wat te keapjen, mar doe kaam hy mei in fraach. As ik nocht hie om yn it bestjoer fan de revu te kommen. Hja soch-

ten in nije skriuwer. Ik ha der in pear wike oer neitocht en nei in petear mei Durk yn 'e kroech bin ik útnûge foar in bestjoersgearkomste. Ik wie altyd al in leafhawwer fan de revu en kom der al jierren. Kultuer sprekt my wol oan. Ik ha mear as fjirtich jier lid west fan de Jouster Fanfare en gean ek sa no en dan nei in iepenloftspul.

Wat my by de revu fan De Jouwer sa oansprekt is it grutte entûsjasme en de wille fan de ploech. Sels mei it ferflokke firus gewoan op in feilige manier repetearje oant begjin novimber ta doe't dúdlik waard dat it better wie om dochs mar op te hâlden. Yn jannewaris spitigernôch dus gjin revu mar de hiele ploech en it bestjoer geane troch! At alles goed giet steane de spilers yn 2022 wer op 'e planken. De seal grôtfol. Wat bin ik bliid dat ik no yn it bestjoer sit.

Snotferjanhinnekont, ha ik dochs in stikje foar de revu skreaun.

Jan Brinksma, skriuwer Stichting Nijiersrevu de Jouwer

- Frou mei undergebit siket man mei boppegebit om tegearre keallepoaten te kôgjen.
- Man syket frou foar it opstellen fan in ynrjochting. Hûs is noch hielendal 'as oplevere'. Nei 25 jier ta oan in kwâske Ferve.

# Fan neat nei pronkjies

**In revu sûnder spilers en skriuwers bestiet net en wat is in revu sûnder muzyk? Dat soe in keale boel wurde mar in revu sûnder in moai en oansprekend dekôr, dêr moatte jo fansels ek net oan tinke. De acht mannen dy 't foar de Nijjiersrevu de Jouwer elts jier yn it spierbinne woene net sels in ferhaal foar dit krantsje skriuwe, mar harren ynterviewe wie bêst. De manlju wiene der op ien nei allegearre en hâlden net wer op fan praten. Wy hawwe der mar wat aardige saken úthelle!**

Appie de Vries, Jan van der Werf, Marten de Boer, skilder Benno Pen, Jouke Aukes, Piet de Vreeze en Albert de Graaf sieten mei syn sânen coronaproof oan tafel. It binne allegearre pensionado's op Hotze Siesling nei en die wie der dan spitigernôch ek net. Moandeitemiddei is harren fêste momint en it hichtepunt is it mei inoar kofje drinke. 'Dat is altyd tige gesellich en wy âldehoere wat ôf. Dat is wichtich foar de ienichheid', fertelt Marten de Boer. 'It is in

prachtige ploech.' Der is in skilder, der binne technyske minsken, regelers en kreative manlju. 'Mei inoar binne wy allround', seit skilder Benno Pen. En wat de ploech elts jier op it poadium fan 't Haske op 'e Jouwer delset is hast net te leauwen. Sa waard spiler Fokeline Papjes in pear jier lyn mei help fan in konstruksje mei balken en in lier op it poadium nei ûnder helle. Mei oare wurden; der wurde technyske en oare pronkjies makke. De moaiste reaksje foar de ploech wie by in stik fan De Fryske Krite doe't it gerdyn iepen gie en op it lege poadium allinnich noch mar it dekôr te sjen wie. It grutte applaus die harren doe hiel goed.

De manlju meitsje net allinnich it dekôr foar de Revu, mar ek foar De Fryske Krite en it Sinteklaasmearke. Mar dat fan de Revu is fierwei it measte wurk. Jo hawwe it al gau oer mear as tsien dekôr-stikken. Die wurde sûnt koart makke yn it gebou fan Miks. De dekôrploech is wiis mei dizze nije romte. It is heger en grutter. It idee foar it dekôr komt fan de

regisseur Anneke van den Akker, foarsitter Durk Brouwer en spiler Thea de Lange. Durk Brouwer komt hast eltse wike efkes del en dêr is de ploech tige wiis mei. 'Oerlis is sa wichtich', seit Marten de Boer. Hast alles kin makke wurde. 'At sy it sa wolle, krije sy dat.' Der wurdt yn ploechjes oan de stikken wurke, net fêst, dat giet allegearre hiel spontaan. De mannen nimme ark fan hûs mei mar yn harren eigen wurkromte steane ek in pear grutte masines. Sy binne bliid mei de bedriuwen dy 't helpe wolle. Firma Meester fan 'e Jouwer stelt bygelyks ferve beskikber en Fekken fan Skarsterbrêge plaatwurk. 'Mar wy helje ek wolris wat by de sloop wei', seit Piet de Vreeze.

Eltse Revu hat in spesjaal tema. Dat witte sy faaks al hiel betiid. Nei de Jouster Merke set de dekôrploech útein mei it meitsjen fan de ferskate dekôrs. Earst foar De Fryske Krite en dernei foar de Revu. Sa gau as in dekôrstik klear is, giet it nei de repetysjeseal en ien wike foar de revu wurdt alles

nei 't Haske brocht. Nei de Revu wurde de measte dekôr-stikken fuortsmiten. 'It is eins sûnde om sy ôf te brekken', leit Marten de Boer út. Sommige stikken bliuwe bewarre. 'De brânwachtauto út 'Fjoer en flam' (2017) hinget oan de muorre yn de kazerne op 'e Jouwer', seit Jan van der Werf. It, miskien wol it moaiste, dekôr-stik út "Ut en Thús (2016)" is earne ek noch bewarre bleaun. Dat wie in replika fan It Plein, De Stam en Bistro Fred. Foar alle wurk krige de ploech de lêste jierren in itentsje oanbean dat tige wurdearre wurdt.

De dekôrbouwers dogge it no spitigernôch in skoft rêstich oan. Sy hiene noch gjin stikken makke foar de Revu fan jannewaris mar takomme jier sette sy nei de Jouster Merke, at alles goed giet, wer útein mei harren bysûndere wurk. Fan neat hiel moaie pronkjies meitsje. It wachtsjen is op de keallepoaten, sturtklokken en oare kofje!

Jan Brinksma

## Spikers

Hij seach wat ûnwennich om him hinne. Sa faak kaam hij hjir ek net. Wat moast hij hjir ek. Mar ja, se woe dat hij mei gie....

Wer kin ik hjir efkes sitte, tocht der, want it koe best noch wol ris lang duorje, en hij wie de jongste ek net mear... syn eagen sochten om in stoel.

Ha, der stie in bankje !!.....dat like him in skoan plak ta.

Krekt doe hij oanstalten meitsje soe om der hinne te gean

wie in parmantich frommeske him foar.

Se plofte del en begûn útwreidich in pear nije cowboy learzens te passen. De lange slanke fuotten stuts se sûnder muoite de loft yn en efkes letter rûn hja op de nije hakken rûn.

Mei niget seach er it tafrieltsje oan, ea wie syn wyfke ek sa linich en hie hakjes oan...

**-No, wat fynst der fan !!!!** Hy skrok op en seach yn wyfke har freegjende eagen...

Hie se no in nije broek, of in nije trui oan? Of allebeide?

Hij koe mei gjin mooglikheid betinke wat der no "nij" wie,

en wat der sa gau sizze moast....euh...

Pine holle kriich hij der fan. It duorre no echt te lang....

De rêding wie neiby want de ferkeap juffer seach syn benaude gesicht en frege him:

"Mooi truitje heeft uw vrouw aan, vind u niet ???"

Jawis, blinder, wat in moaien ien sei der rap. Hij

fielde de priemkjende eagen fan syn wyfke die dwers troch him hinne seagen. Se sei neat, mar hij wist genôch.

Kop derby jonge, net ôfdwale....

Se draaide har om en tredde wer it pashokje yn "Ik pas noch wat oars" hearde hij har sizzen ûnderwilens luts se it gerdyn ticht.

PFFF, dat gie krekt goed tocht der, en syn eagen sochten nei de ranke juffer

mei de cowboy learzens.

Se wie fuort, dat betsjutte dat hij op it bankje sitte koe.....sa gau as hij koe, gie hij der hinne: sa sitte.

Wat in ferrekt moai bankje tocht der, soks koene se by de revu ek wol brûke.

Nijsgjirrich bûgde hij foar oer om te sjen hokker poaten der ûnder sieten....

houten, moai makke.

Mar no wol ik ek sjen hoe de ûnderkant der út sjocht tocht der, hij knibbele del

en krûp heal ûnder it meubelstik...

**-Yn de goedichheid, kom ûnder dat bankje wei!**

Wyfke har skuon wiene gefaarlik tichteby...

Rap kaam er omheech en ropte gau: Skitterjend, nee echt, dit moast keapje!! Heel moai.

"Dit bin myn eigen klean" sei se. It bleau stil.

**Werom ha ik dy eins meinommen, do hiest better thús bliuwe kinnen....**

Mar dat sei ik dochs al leave, sei hij en hy sykhelle djip.

Troch de corona hie der neat te dwaan. De hiele toanielwrâld lei stil, en it dekôr fan de nijjiersrevu hoegde dit jier net op tiid ôf...sterker noch: se hiene noch in jier de tiid....

En doe sei wyfke, dan kinst ek wol mei my te winkelen. Mar hy hie no syn nocht al.

**"ik ha de blauwe, de swarte en noch in blomde keazen hear"** sei se,

en hij tocht; ha ik sa lang ûnder dat bankje lein?... Hawar, se runen nei de kassa en wyfke betelle.

Dekôr timmerje of shoppe tocht d'r:

it kostet hoe dan ek spikers!

(basearre op in wier ferhaal, hjir en der eat moaier makke)

Thea de Lange



# We meitsje der wat moais fan! Fan de Haadredaksje



**Aldehaske - 35 jier Nijjiersrevu op 'e Jouwer, da's in hiel ein. Ek al is it no oars as oars, wy meitsje der wat fan.**

Myn earste ûnderfining mei de Nijjiersrevu op 'e Jouwer is no sa'n 30 jier lien. Ik siet op De Stûke en op in middei mochten wy de generale repetysje fan de revu yn 't Haske bywenje. Foar guon in aliby om net yn de les te sitten, foar my in prachtige middei.

In pear wike letter, nei de útfieringen, koest de hiele revu noch ris sjen op Oskar televyzje. Ik siet der wer plat foar. Ik fûn it prachtich: de ôfwikseling fan ferskes en toaniel, de moaie klean, it dekôr... Ek al snapte ik as famke fan 13, 14 jier miskien net alles; it wie de hiele belibbing.

Toaniel hat my eins altyd al yn de besnijing hân. Dochs hat it in skoft duorre foardat ik der echt wat mei dien ha.

Op de basisskoalle mochten der regelmjittich op freedtemiddei toanielstikjes opfiert wurde. Dêr wie ik steefêst by. Playbacke, stikjes betinke, in kwis presintearje,

gekke pakjes oan; geweldich! Miskien kaam it dêrtroch dat ik frege waard om mei in pear oaren út 'e klasse mei te dwaan yn in toanielstik fan skriuwer Dolf Verroen. Dit waard opfiert yn De Brug op 'e Jouwer. Mei de komplimenten fan de skriuwer himsels yn 'e bûse, wie ik de keninginne te ryk!

As begeliedster fan de jeugd by Scouting De Borgergroep tovere ik mysels wol gau ris om ta rolfiguer. Ik fûn is sa moai om te sjen hoe't bern der hielendal yn mei geane en efkes leauwe datsto net dysels bist mar echt die kabouter, âlde frou, of wat dan ek.

len fan de hichtepunten fan de oplieding ta skoaljuffer wie foar my dat we sels in musikal yn elkoar sette moasten. It waard "De rattenvanger van Hamelen" en wy ha it opfiert yn De Flecke foar de bewenners en foar basis-skoallejeugd. It hiele kreative proses haw ik meimakke en dat wie leuk om mei elkoar te dwaan. Op in goeie dei sei Tienette Boonstra, spylster by de revu doedestiids, tsjin my: "Ik haw in kaartsje foar de Nijjiersrevu foar dy. Dat is krekt wat foar dy!" Ynienen kamen de oantinkens fan doe werom. Jawis, dêr moast ik hinne!

Ik fûn it allegearre wer like moai. No snapte ik de grapkes wol en dat makke it fansels noch moaier. Dochs siet ik wol mei in oar gefoel yn 'e seal: Ik woe sels op dat podium stean!

En sa kaam it dat ik yn augustus 2004 mei Tienette mei nei in repetysje fan de Nijjiersrevu gie.

Sy hat my promoate en der bin ik har noch altyd tankber foar. Ik mocht meidwaan oan de 19e Nijjiersrevu! Yn 't earst fansels lytse (figuranten)roltsjes, mar der kaam hieltyd mear by.

Yntusken binne wy 16 jier fierder en haw ik útstapkes makke nei it iepenloftspul yn Ouwstertrijegeaen, Probe (net sljochtweihinne semy-profesjoneel toaniel) en it jubileumstik fan De Fryske Krite "Ik wol libje". Dochs hat de Nijjiersrevu myn hert en ik haw der noch altyd like folle wille yn. It is fantastysk om mei sa'n moaie groep minsken gear te wurkjen en elk jier wer foar in hiel fijn publyk in stikmannich foarstellingen op 'e planken te bringen.

Lytse (figuranten)roltsjes wurde oanfolle mei gruttere rollen, monologen, koarsangen en sels al ris in solo. Dat lêste hie ik sels nea betinke kinnen, mar troch de goede begelieding en stimulâns kinne jo soms mear dan josels ea tocht hiene.

De Nijjiersrevu is in "way of life" wurden. Hielendal sûnt ik ek skriuwer wurden bin. It hiele jier troch hâlde je de eagen en earen iepen mei yn de efterholle: kinne wy dêr wat mei?

In bestjoersfunksje (PR en Komunikaasje) derby makket dat ik de revu fan A oant Z meimeitsje. En dat is in hiel moai proses. Foaral omdat we it mei elkoar dogge. Mei elkoar wat moais meitsje; dat fyn ik it moaiste dat der is!

Folkeline Papjes-Dijkstra, spylster, skriuwster en bestjoerslid

In kwaliteitskrante as dizze revu-útjefte kin fansels net sûnder in wurd fan de haadredaksje. It wurdt in koart wurd, want trochstrings wurde haadredaksjonele wurden net of hast net lêzen.

Mar om sjen te litten dat wij as Nijjiersrevu-ers ússels heechhâlde dochs in inkele opmerking.

Wat yn dizze krante stiet is wier. Wat yn dizze krante stiet is serieus.

Wat yn dizze krante stiet mei – ik bedoel moat – trochferteld wurde.

As jimme, lêzers, om neat yn dizze krante laitsje, of teminsten efkes gnize, kinne dan is der wat mis – mei jimme.

Ja, jimme sjogge it goed: mei fette letters. Foar jimme is der mar ien remeedzje: takom jier nei de 35e revu yn 't Haske om ûnbekommere te genietsjen en jimme koeide geast te ûntspannen.

## Dit stik net:

Lêzers reaksje

In kwaliteitskrante as dizze revu-útjefte kin fansels net sûnder in wurd fan de haadredaksje. Dat alteast tinkt de haadredaksje, mar sis no sels: wat draacht it by dat wurd fan de haadredaksje? Krekt! Neat! De eigen waar wurdt kritykleas oanpriizge. En dat is it dan. Mar ja, de redaksje moat wol hearre litte dat de redaksje bestiet. Wichtich, no?

**Wat ik as lêzer fan dizze krante ferwachtsje is dit:** wat yn de krante stiet, moat wier

wêze; wat yn dizze krante stiet moat serieus wêze, gjin revu-ef-tige nonsens.

As jim, ûnbekommere dom laitsje wolle, gean dan mar nei de nijjiersrevu fan 2022. Dêr kinne jim, sizze se, ûntspanning fine foar jim koeide geast. Yn in kwaliteitskrante heart soks net thús.

Dit is myn miening en dy moast ik efkes kwyt.

## Colofon

De 35e Nijjiersrevu-krante is in ienmalige útjefte fan Nijjiersrevu De Jouwer. [www.revudejouwer.nl](http://www.revudejouwer.nl)

### Redaksje:

redaksjenrj@gmail.com  
info@revudejouwer.nl  
Anneke van den Akker  
Durk Brouwer  
Thea de Lange  
Folkeline Papjes  
Reitse-Geert Strien

### Bydragen fan:

Meiwurkers fan Revu de Jouwer

### Kontakt:

Nijjiersrevu De Jouwer  
info@revudejouwer.nl  
Facebook/Revu-de-Jouwer  
Instagram/Revudejouwer

Bekijk leuke filmpjes



## Verborgen Boodschap

Sykje de wurden op yn ûndersteande wurd-siker. Hast se allegear fûn? Dan bliuwe der in stikmannich letters oer dy't de oplossing foarmje. Stjoer dyn oplossing foar 31 jannewaris 2021 nei redaksjenrj@gmail.com. Under de jûste ynstjoeringen wurdt in tagongskaart foar de 35e Nijjiersrevu yn jannewaris 2022 ferlotte.

ing foar 31 jannewaris 2021 nei redaksjenrj@gmail.com. Under de jûste ynstjoeringen wurdt in tagongskaart foar de 35e Nijjiersrevu yn jannewaris 2022 ferlotte.

W	I	N	E	K	K	O	L	K	T	R	U	T	S
G	N	I	D	I	E	R	E	B	R	O	O	V	S
K	U	E	R	U	E	S	S	I	G	E	R	E	Z
E	I	U	J	S	R	E	T	S	U	O	J	G	A
A	T	W	L	I	E	D	J	E	S	T	T	E	L
L	V	J	S	R	E	V	J	I	R	H	C	S	E
L	O	A	J	K	A	N	E	A	E	T	R	O	N
E	E	A	A	O	C	H	A	E	M	I	R	G	C
P	R	R	N	F	S	K	E	T	C	H	E	S	E
O	I	S	U	F	J	K	E	I	L	B	U	P	N
A	N	R	A	I	E	L	A	R	E	N	E	G	T
T	G	E	R	E	B	O	R	E	D	R	A	G	R
E	E	V	I	D	R	A	A	I	B	O	E	K	U
N	N	U	R	E	P	E	T	I	T	I	E	S	M

Oplossing:

- DRAAIBOEK
- GARDEROBE
- GENERALE
- GRIME
- JANUARI
- JOUSTERS
- KEALLEPOATEN
- KOFFIE
- LIEDJES
- NIEUWJAARSREUVU
- PUBLIEK
- REGISSEUR
- REPETITIES
- SCHRIJVERS
- SKETCHES
- STURTKLOKKEN
- THEE
- UITVOERINGEN
- VOORBEREIDING
- VRIJKAARTJES
- ZALENCENTRUM

Oer de útslach kin net korrespondearre wurde.